




SALOON

(Friese versie)



Western komeedzje fan

TON FONTAINE

Fryske oersetting

Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SALOON (Friese versie) – SALOON** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **TON FONTAINE** en vertaler: **SIEP JORNA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONEN:

TONY CARTER - Eigner saloon “Carters Place”

HONNIE PONNIE - Hoerke, freondinne fan Tony

JUWIELEN RONNIE - Gentleman-ynbrekker

GUNSMOKE KITTY - Froulike sheriff

NEEF HARRY - Cowboy, neef fan Larry

NEEF LARRY - Cowboy, neef fan Harry

VINNY van GULP - Keunstskilder

FIGHTING JACK - Oarlochsfeteraan

JUFFER TOOS - kollektant foar yndianeberntsjes

APACHE - Yndiaan

KLEANADVYS :

Tony Carter - Kastlein. Bytsje poaiertype. Wyt boesgroen mei oprôle mouwen. Swarte broek en draacht in skelk mei galgen. Lyts westernstrikje.

Honnie Ponnie - Hoerke. Koart rokje, kanten rântsjes en strikjes, netpanty en se hat grutte earbellen yn.

Juwielen Ronnie - Bankrôver. Goed yn it pak sittende dogeniet. Klaait as gentleman anno 1870. Hat oer it liif in gouden horloazjeketting en ferskate ringen oan ‘e fingers. Hat gjin revolver yn in holster, mar in lyts pistoaltsje yn ‘e jasbûse. In hege silinderhoed en in blom yn ‘t knoopsgat

Gunsmoke Kitty - Moaie dame mei in hielendal swart cowboypak. Revolver op ‘e heupe en in sheriff-stjer op it boarst.

Neef Harry en neef Larry - Cowboys. It hie in twilling wêze kind. Cowboypak, revolver, ruten oerhimd, fest sûnder mouwen en learzens mei spoaren. Harry hat in swarte hoed op mei giele halsdoek, Larry hat in wite hoed op, mei in reade halsdoek.

Vinny van Gulp - Klaait as karikatuer fan in keunstskilder.

Fighting Jack - Oarlochsfeteraan. Fan syn legerunifoarm is net folle mear oer. De sergeantstreden sitte noch op de mouwen.

Suterige broek mei galgen. Militêr petsje mei klep. Gjin wapen.
Sleept mei de foet, hat dêrom in helpmiddel. (twa krukken of
gongelstok)

Juffer Toos - Klaait as karikatuer fan in wat âldere dame, dy't mei de
kollektebus lâns de doarren giet.

(anno 1870) Hallelujah-huodsje mei strikjes.

Apache - Jonge knappe yndiaan. In learen jas mei franjes oan 'e
mouwen. Strakke broek en moccassins. Bolhoed mei
adelfersfear. (wite fear mei swarte punt) Revolver op 'e heupe en
in grut bowiemes.

DEKÔR:

In saloon (kafee) yn it wylde westen. Lofts is de út- en yngong, twa
klapdoarkes, nei de strjitte.

Rjochts in gewoane doar nei de keuken. Neist de yngong stiet in
Amerikaanske flagge yn in houten bak. Yn 'e midden stiet in bar. Op
de bar in porsleinen bierpomp. Under, oan de foarkant fan de bar sit
in koperen buis, dêr't men de fuotten op sette kin. Efter de bar, tsjin
de eftermuorre, hinget in grutte spiegel, mei dêrfoar in planke mei
flessen.

Boppe de spiegel hinget in boerd mei it opskrift : SALOON "Carters
Place".

Neist de spiegel hinget in grutte laai, mei oan in toutsje in griffel. Op
de laai stean in pear nammen, ek dy fan Apache. Efter syn namme
stiet in turf (fjouwer streekjes, mei ien der trochhinne) Der binne gjin
barkrukken. Lofts op de foargrûn, in rûne tafel mei fjouwer stuollen.
Rjochts in piano mei pianokruk. At Vinny net pianospylje kin, draait
men in bandsje. De piano wurdt dan sa delset, dat men Vinny net op
'e hannen sjen kin. Kin er wol pianospylje, dan kin men de piano
omdraaie.

EARSTE BEDRIUW

(at it doek iepengiet stiet Tony efter de tapkast en faget doelleas mei in fiis doekje oer de bar. Honnie Ponnies sit ferfeelt oan 'e tafel te patiensjen)

TONY: Ik bin benijd at it hjoed ek wer sa stil bliuwt as juster...

HONNIE PONNIE: *(leit in kaart op tafel)* Skoppen frou, dy moast ik krekt ha... Wat seist?

TONY: Dat it de lêste wiken sa stil is...

HONNIE PONNIE: Wês bliid dat it wat rêstich is. Faaks hast dan ek wer ris wat tiid foar my.

TONY: Klachten?

HONNIE PONNIE: Ach, wat hjit. Ik fermeitsje my heus wol mei myn klantsjes. Mar it is net itselde. It is net de wiere leafde. Doe't ik krekt by dy wie, koest de hannen net fan my ôfhâlde. Mar de lêste tiid...

TONY: Och, och, ik hear it al wer... Mar even wat oars, witsto dat juwielen Ronnie ferline wike wer frij kaam is?

HONNIE PONNIE: Juwielen Ronnie, yn 'e goedichheid, wa is dat no wer?

TONY: Do kenst Juwielen Ronnie dochs wol? No ja, ik ha dy wol ris oer him ferteld. Hy kaam hjir destiids faak yn 'e saloon. Hy koe goed kaartspylje...

HONNIE PONNIE: Bedoelst seker, goed falsk spylje...

TONY: Ja fansels, oars kinst neat fertsjinje. Juwielen Ronnie neamt him tsjintwurdich juwelier, mar it is gewoan in bank en treinrôver, dy't it fersjoen hat op in oar syn jild. Se ha him in pear jier lyn oppakt by in saneamd "heterdaasje". Twa jier de bak yn. Mar hy hat him dêr fan syn bêste kant sjenlitten en is earder frijkaam. Oars wol in aardige fint, dy Ronnie...

HONNIE PONNIE: Is er troud?

TONY: Toe no, Honnie Ponnies, domme fraach... wa trout hjir no yn it wylde westen. Mar wat giet dy dat oan, do hast my dochs?

HONNIE PONNIE: No ja, ha is wat oars...

TONY: Honnie Ponnies fanke, lekkere spetter fan my. Ik hear it wol, do bist net echt tefreden oer my.

Mar jûn, at dyn lêste klant fuort is, dan sil ik dy ris sjen litte, wêr't dizze man, dizze Tony Carter ta yn steat is. Ik ha op dit stuit in enerzjy en kondysje... ik soe in hiel...

HONNIE PONNIE: ... Ja, ja, in hiel bordeel...

TONY: (*mei útset lûd*) ...alles wat los en fêst sit...

HONNIE PONNIE: Alles wat los en fêst sit, lit my net laitsje... âld man...

TONY: Honnie Ponnie, do bist... (*sjocht ferheard nei de klapdoarkes*) ...Nee mar... sjoch ris oan, dêr ha wy Juwielen Ronnie!

JUWIELEN RONNIE: (*komt yn. Hat in learen tas, in saneamde city-bag, sa't húsdokters destiids hiene, by him. Set dizze op in stoel en bliuwt mei iepen earms by de doar stean*) No goemiddei allegearre. Sil ik mar sizze!

TONY: Juwielen Ronnie, goede freon... wat bin ik bliid dy wer te sjen! Mei ik dy wat fan it hûs oanbiede?

JUWIELEN RONNIE: Ja, dat mei seker, ja! En jou dy poes (*wiist nei Honnie Ponnie*) ek wat. (*tsjin Honnie Ponnie*) Fanke at ik ergens ferlet fan ha, dan is dat wol fan froulik selskip. Ik tink dat wy der jûn tegearre in leuke jûn fan meitsje kinne. Sil ik mar sizze!

HONNIE PONNIE: (*giet stean en rint kontsjedraaiend nei Ronnie ta*) No, ik ha wol ris mindere klandyzje hân... sil ik mar sizze! (*seksy*) Rrronnieboy...

TONY: Even foar alle dúdlikheid, Ronnie, dit is myn freondinne Honnie Ponnie. Wy wenje sûnt in jier byinoar. Se klust der wat by, troch wat hearen te fermeitsjen, mar foar de rest is sy fan my. Do begrypst wol dat eh...

JUWIELEN RONNIE: ...En sakrekt seidest noch, datsto my wat fan it hûs oanbiede woeste. (*sjocht goedkarrend*) en dizze juffer Honnie Ponnie fyn ik earlik sein wol in tige oantreklike konsumpsje. En dan noch fan it hûs ek. Sil ik mar sizze!

TONY: Doch net sa flau, Ronnie. Honnie Ponnie kin net fan 'e wyn libje. Asto wat fan har wolste, dan moast der foar betelje. Mar in buorrel krigest fansels fan my fergees. Drinkt noch hieltyd whisky? Of bist dat yn 'e bak ferleard?

JUWIELEN RONNIE: (*giet by de bar stean mei ien foet op de koperen roede*) Kofje, je krigen allinne mar kofje. En dy wie net te sûpen. Mar at je de wei wat witte, kinne jo ek wol oan whisky komme. Dat freon Tony, doch my mar in whisky. En eh... Honnie

Ponnie docht mei my mei... of moat se earst tastimming ha fan 'e opsichter? (*wiist nei Tony. Honnie Ponnie giet by Ronnie stean*)

HONNIE PONNIE: Tony, leave, doch my ek mar in whisky... Wy kinne Ronnie net allinne drinke litte. Is't net sa, teddybear? (*se leit de earm om him hinne*) Lekkere jonge...

TONY: (*set in flesse en twa glêzen op 'e bar. Juwielen Ronnie lûkt mei de tosk en de koark fan 'e flesse, spuit dizze oer de flier en skinkt yn*) Sûnens, Ronnie. Ik kin spitigernôch net mei jim meidwaan, it is foar my noch te betiid. Ik hoopje wol datsto hjir no wat faker oer de flier komme silst. Ast begrypst wat ik bedoel...

JUWIELEN RONNIE: Ja, jonge, fansels begryp ik watsto bedoelst (*proast mei Honnie Ponnie*) Sit dêr mar net oer yn. Ik doch no yn edelstiennen, of sa wy dat yn dat fak neame, yn glimmers. Legale hannel. Sil ik mar sizze!

HONNIE PONNIE: Glimmers? En dat is itselde as edelstiennen?

TONY: Ronnie bedoelt juwielen. Juwielen of edelstiennen, binne op 't heden tige populêr. (*tsjin Juwielen Ronnie*) Legaal seiste? Of ha ik dat net goed ferstien?

JUWIELEN RONNIE: Legaal mister, hielendal legaal. Ik koe dizze partij (*wiist op syn tas*) keapje op in feiling yn Boston. Dizze stientsjes komme út de neilittenskip fan de maharadja fan Pikkedoer.

HONNIE PONNIE: In echte maharadja, sa as yn it mearke "tûzen en ien nacht"?

JUWIELEN RONNIE: Mei ien ferskil, dizze is dea... En dizze jonge, dizze juwielen Ronnie wie op dy feiling yn Boston de heechste bieder. Sil ik mar sizze!

TONY: Hiesto dan dollars?

JUWIELEN RONNIE: Ik ha yn 'e finzenis hurd wurke. In soad jild fertsjinne.

HONNIE PONNIE: Wat diesto dan foar wurk? Ik tocht dat se dêr altyd knipers makken...?

TONY: En dat je dêr net folle fertsjinje...

JUWIELEN RONNIE: Dat falt ta, jong. Mar ik siet net yn 'e knipers, mar yn 'e leppels. En at je hurd wurkje, Tony Carter, dan kinne

jo dêr wol aardich jild fertsjinje. Je ha dêr fierders net folle kosten.
Sil ik mar sizze!

TONY: Yn 'e leppels? En dêr in soad jild mei fertsjinje? Gouden leppels, tink?

JUWIELEN RONNIE: Nee, houten leppels. Polleppels. Ik moast se fervje. En dat moast hiel sekuer. Mar dat bin ik wol went as juwelier, sekuer wurkje...

HONNIE PONNIE: Leppels fervje liket my ferskriklik ientoanich. Dêr soe ik gjin sin yn ha...

TONY: Nee, want do hast nergens sin yn. Do tinkst allinne mar oan wat oars...

JUWIELEN RONNIE: Ho, ophâlde... gjin spul hjirre... It fervjen wie net sa ientoanich asto tinkst, want dy leppels krigen ferskate kleuren. De iene wike read, dan in wike wyt en de wike dêrnei...

HONNIE PONNIE: ...blau!

JUWIELEN RONNIE: Fanke, hoe witsto dat, of hasto ek yn 'e bak sitten?

HONNIE PONNIE: Liket my logysk. De kleuren fan de Amerikaanske flagge!

TONY: Mar no giest my net fertellen, datsto dyn lêste leppels pears ferve hast?

JUWIELEN RONNIE: Hoe is it mooglik! Noch al ien dy't fan 'e hoed en râne wit. Dat kloppet, de lêste ha ik pears ferve. No wy binne in moai stel bajesklanten hjirre. Mar jonges, foardat wy noch in drankje nimme, ha ik in fraach oan dy, Tony...

TONY: Nee Ronnie, ik doch net mei!

HONNIE PONNIE: Tony Carter, doch dochs net altyd sa bot! Lit Ronnie earst ris even útprate... *(tsjin Ronnie)* Net wier Rrronnieboy...?

JUWIELEN RONNIE: Fanke, mei dy kin ik prate. Sil ik mar sizze! It is in hiel gewoane fraach. Sjoch, yn myn tas hjirre, ha ik dus dy glimmers fan de ferstoarne maharadja van Singapoer...

TONY: Nyskens krekt seidest de maharadja fan Pikkedoer...

JUWIELEN RONNIE: Dat is itselde. Dêr, yn die tûzen en ien nacht lannen, sizze se mar wat. De iene seit dit en de oare sit dat. Moatte se sels witte. Wêr it no om giet is dit. *(hy hellet in kistke, mei edelstiennen út syn tas. It is in kistke, dêr't destiids duellear*

pistoalen yn bewarre waren. In donker houten kistke, mei houten beslach) Dizze glimmers, of edelstiennen, of juwielen, sa as wy yn ús fak ek wol sizze, wurde eltse dei mear wurdich. It is dus saak, dat ik se net daliks trochferkeapje, mar se in skoftke fêsthâld. En omdat ik foar saken in soad op paad bin, liket it my in goed idee, om dizze glimmers, sis mar dizze skat, salang by dy, Tony Carter, bêste freon, efter te litten, sa datsto dêr dan even, foar my, op passe kinst. Sil ik mar sizze!

TONY: Tige tank foar it fertrouwen, mar ik ha al in skat... tsje en dat is Honnie Ponnie. En dêr ha ik de hannen al fol oan. Dat Ronnie, ik doch it net. Nim do dyn skatsje mar wer lekker mei en stopje dy mar by de Santa Pelota City Bank yn 'e klús. Ik ha gjin sin yn leppels fervjen...

HONNIE PONNIE: Tony, leave... dat fyn ik net sportyf. Do kinst dochs wol even in skoftke op dat guod passe? Toe Ronnie, lit it ris sjen.

JUWIELEN RONNIE: *(makket it kistke iepen en lit it oan de oaren sjen)* Sjogge jim se glinsterjen? Ja, dit is gjin rotsoai.

HONNIE PONNIE: Oh, wat moai. It lykje wol echte!

JUWIELEN RONNIE: Lykje! Fanke, noch ta, it binne echte...! Sil ik mar sizze!

HONNIE PONNIE: *(rikket mei de hân)* Mei ik even ien fêsthâlde?

JUWIELEN RONNIE: *(jout har in tik op 'e fingers)* Do meist hielendal neat fêsthâlde! Ofbliuwe! At dy moaie freon fan dy, even in pear wike op dy skat fan de maharadja fan Calcutta passe wol, dan meisto sa'n moai glimmerke útsykje. Mar foar no, hantsjes thús. Sil ik mar sizze!

HONNIE PONNIE: Hé, toe, Tony, lekkere knuffelbeer fan my. Wy kinne der dochs wol even in pear wike oppasse? Kostet ommers neat en dêrnei mei ik der ien útsykje. Dat gunst my dochs wol?

TONY: Ik gun dy de hiele wrâld, mei de sinne en 'e moanne derby. Dêr giet it net om... Mar omdat ik fan dy hâld en dy graach sa'n stientsje gun, sil ik dêrom foar dizze iene kear...

HONNIE PONNIE: *(fljocht Tony om 'e nekke en tutet him)* Ik wist it wol. Do litst Juwielen Ronnie net falle. Oh, en dan kin ik einlings dy moaie siden linzjery keapje, dy't al wiken yn de etalaazje by Madame Tailleur op my leit te wachtsjen.

JUWIELEN RONNIE: *(sjocht op syn horloazje)* Tsja, minsken, ik moat fuort, want ik ha it noch drok. Ik moat even saaklik oan it

wurk, mar ik kom aanst noch wol even del. Pas goed op myn guod. Sil ik mar sizze! Oant sjen. *(pakt syn tas en giet ôf)*

TONY: Dêr bin ik dan moai ynstonken. Dy juwielen binne fansels stellen. En wa wurdt der mei opskipe?

Ikke hjirre, Tony Carter.

HONNIE PONNIE: Ach jong, rin hinne. Gjin ien wit dat wy dy juwielen hjir ha. Faaks hellet Ronnie se noait wer op.

Tony, leave, seksbom fan my, dan binne wy ryk! Dan gean wy yn Boston of Philadelphia wenjen.

En dan keapje ik in hiel soad siden linzjery en in hoed mei strúsfûgel fearren...

TONY: En at de sheriff se hjir fynt, dan gean wy net yn Boston of Philadelphia wenjen, mar yn 'e bak leppels fervjen, yn 'e kleuren: read, wyt en blau!

HONNIE PONNIE: En pears! Sit dêr mar net oer yn. Ik ha yn ús saloon, noch noait in sheriff sjoen. Gjin gewoane sherif mei in ster op it boarst en ek gjin stille fan Pinkerton of de juwielen bigade... *(de doarkes klappe iepen)* En wa ha wy dêr...?

(Gunsmoke Kitty komt yn. Tony sil hastich it kistke ûnder de bar sette, mar hy is te let)

TONY: *(flústeret)* Ojee, leave santjin... Dêr begjint de ellinde al...

GUNSMOKE KITTY: Goemiddei, de namme is Kitty, Gunsmoke Kitty. Ik bin de nije sheriff hjir yn Santa Pelota.

TONY: Dach mefrou. De namme is Tony. Tony Carter om krekt te wêzen.

HONNIE PONNIE: Ja, ek goemiddei. Wat in ferrassing. Ik wist net iens, dat wy hjir in nije sheriff hiene... en dan ek noch wol in froulike... Leuk dat jo even delkomme....

TONY: Wolle jo net even sitte, mefrou de sheriff? *(wiist nei in stoel)* Wat kin ik foar jo ynskinke, bier of whisky?

GUNSMOKE KITTY: Tige tank, mar ik bliuw leaver stean. Doch my mar in gleske beisop.

TONY: Beisop? Hjir yn it wylde westen, beisop? It spyt my, mar ik ha hjir allinne mar whisky of bier. Mear soarten ha wy net.

GUNSMOKE KITTY: Doch my dan mar in whisky. Mar jim meie wol gewoan Kitty sizze.

TONY: *(set de whiskyflesse fan Juwielen Ronnie mei in skjin glês foar Kitty op 'e bar)* Leuke namme, Kitty, ik ha destiids in freondinne hân, dat wie ek in Kitty...

HONNIE PONNIE: Do destiids in freondinne? Dêr hear ik raar fan op...

GUNSMOKE KITTY: *(tsjin Honnie Ponnies)* Do bist tink de dochter fan mynhear Tony?

TONY: Ja ho ris, mefrou... eh Gunsmoke Kitty... Kitty...

GUNSMOKE KITTY: Sorry hear, ik bedoelde der neat mei... It soe dochs kinne? Sûnens! *(proast en drinkt de whisky)*

TONY: Jout neat hear. Dizze dame hjir is Honnie Ponnies en at Honnie Ponnies mem wollen hie, dan hie it wol ris sa wêze kind. Mar eh, Honnie Ponnies, Moppie... wolsto even in kanne kofje sette? Ik tink dat ús sheriff dat leaver hat dan whisky.

HONNIE PONNIE: Hé, jasses, altyd ik. Ik moat hjir ek altyd alles dwaan. Ik hie dochs al sein dat ik hjoed gjin sin ha.

TONY: Wat makket it út, dan dochst it dochs in kear sûnder sin. Gean even nei de keuken, want ik tink dat de sheriff my even wat te freegjen hat. *(Honnie Ponnies ûnder protest nei de keuken)*

GUNSMOKE KITTY: Wêrom tinksto dat ik dy wat te freegjen ha?

TONY: Wat soe de sheriff fan Santa Pelota hjir oars te sykjen ha?

GUNSMOKE KITTY: Dat hast goed sketten. Ik wol yndie wat fan dy witte. Jo binne mynhear Tony Carter, soan fan Tobias Carter, immigrant út Ierlân? En jo binne de eigner fan dizze saloon, mei de namme "Carters Place"?

TONY: Dat sizze se! Mar do meist wol gewoan Tony sizze.

GUNSMOKE KITTY: En dat alderaadichste famke, dat net jo dochter is, wa is dat?

TONY: Sa't ik al sei, dat is Honnie Ponnies, myn freondinne. Wy wenje al in tydsje byinoar. De klanten hjirre kinne ek by har terjochte. Tsjin in lytse fergoeding fansels. Mar, Kitty, se is mearderjierrich en tippelt net op strjitte...

GUNSMOKE KITTY: Dat hoech ik allegearre net te witten. Dat giet my allegearre neat oan. Ik woe jo wat freegje oer in sekere Ronnie Oppenheimer, ekwol Juwielen Ronnie neamd.

TONY: *(ferslokt him)* Wa... wa sizze jo... eh do? Ronnie Oppenheimer. Dy ken ik net.

GUNSMOKE KITTY: *(hellet in papierke út 'e bûse)* Neffens myn gegevens wie hy hjir destiids ien fan de fêste klanten.

TONY: Oh, do bedoelst Ronnie, Juwielen Ronnie. Kitty, lekkere spetter... eh... sheriff fan my... fansels kin ik Juwielen Ronnie. Destiids kaam er hjir faak. Mar hy kaam yn 'e finzenis terjochte en ik ha noait wer wat fan him heard.

GUNSMOKE KITTY: Hy is fan 'e wike frijkaam en fannacht is der yn Santa Fé by in juwelier ynbrutsen en no tinke wy, dat Ronnie Oppenheimer, of wol Juwielen Ronnie, hjir wat mei te krijen hat.

TONY: Oh jeetje, dêr hear ik raar fan op! *(nei de keukensdoar)* Hé, Honnie Ponnie, wurdt it noch wat mei dy kofje, of moast de beannen noch plukke?

HONNIE PONNIE: *(efter de doar wei)* Ja kom der oan, mar ik kin net hekse! *(komt yn mei in blêd mei dêrop in mok kofje)* Sorry foar it wachtsjen, hjir is jo kofje.

GUNSMOKE KITTY: Tige tank. *(tsjin Tony)* Kin ik der faaks ek in stikje apple-pie by krije? Of wurdt dat lêstich? *(sjocht it kistke mei juwielen en tikket der mei de finger op)* Mister Tony Carter, dit is dochs in kistke dêr't men duellearpistoalen yn opberget. Wurdt hjir soms de "Gunfight by the OK Corral" neispile? Of... sit hjir wat oars yn? Juwielen bygelyks? Hasto faaks ek meidien oan dy ynbraak yn Santa Fé? *(sil it kistke mei de juwielen pakke)*

TONY: Nee! *(pakt it kistke by har wei)* Ik bedoel ja! Honnie Ponnie, stean dêr net te stean. Helje by de bakker even apple-pie foar de sheriff...

GUNSMOKE KITTY: Nee hear, dat hoecht net. Ik tocht dat jim dat faaks wol yn hús hiene...

HONNIE PONNIE: Ik wol it bêst even helje, hear.

GUNSMOKE KITTY: Nee hear, doch mar net. *(wiist op it kistke)* En freon Tony, binne dit de juwielen fan Santa Fé, ja of nee?

TONY: Kitty, eh... wat sil ik der fan sizze. Dit is wikseljild fan de saloon, eh... *(laket lûd)* Ha, ha, ha, haaa... de juwielen fan Santa Fé... ik laitsje my slop... dy Kitty...

HONNIE PONNIE: *(wit net krekt wat te dwaan, laket wat)* Ha, ha, ha, haa... wat in grapmakker...

GUNSMOKE KITTY: It wie ek mar in grapke, fansels. *(drinkt har kofje op)* Mei ik riede hoefolle jild der yn dat kistke sit?

TONY: Dat hoecht net. Ik sil it dy sizze. Earlik sizze. Dêr sitte yndie de juwielen yn fan de ynbraak yn Santa Fé, fannacht stellen troch Juwielen Ronnie.

HONNIE PONNIE: Tony Carter, do bist gek! Do bist hielendal gek wurden!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto